

Reaksje fan de RfdFB op it wetsútstel:

1. It is goed dat de rjochten foar de Frysktaligen yn in taalwet fêstlein wurde.
2. Prima dat der yn de wet stiet: "Elkenien kin yn gearkomsten fan fertsjintwurdigjende organen dy't yn de provinsje Fryslân fêstige binne de Fryske taal brûke" en "Wat yn de Fryske taal sein is, wurdt yn de Fryske taal notulearre" (kêst 9).
3. Itselde jildt foar kêst 14: "Wat yn it Frysk sein is, wurdt, as it yn it proses-ferbaal opnommen wurdt, yn dy taal werjûn".
4. Wêr't wy ek wiis mei wêze kinne is kêst 15 it 2e lid: "Yn dagings en lêstfoarlizzings yn strafsaken as bedoeld yn it earste lid, en ek yn oproppings en útnoegings foar in sitting yn oare saken, wurdt oanjûn dat de fertochte of dage persoan it rjocht hat om op de sitting Frysk te praten".
5. Kêst 16 seit: "Yn ôfwiking fan it earste lid wurde yn de provinsje Fryslân akten fan de boargerlike stân sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk opmakke". Prachtich.

Krityk ha wy op:

- Kêst 3 "Elkenien kin de Fryske taal brûke yn it ferkear mei bestjoersorganen, foarsafier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne, en ek mei de persoanen dy't ûnder harren ferantwurdlikens wurkje". Der binne nochal wat bestjoersorganen bûten Fryslân en troch de skaalfergrutting hoe langer hoe mear. Dit kêst jout dochs in beheining. Hiel faak witte jo net iens dat jo belje mei in ynstânsje dy't in sintraal nûmer bûten Fryslân hat. Mei de meldkeamer fan de plysje hat dit al in tal kearen ta ferfelende diskusje laat.

- Krityk ha wy ek op de útsûndering foar de eilannen en de Stellingwerven. Der wenje ek Frysktaligen en werom soene se dêr it Frysk net passyf behearskje kinne?

- Yn de sin yn kêst 6 soe it wurd "kin" feroare wurde moatte yn "moat" (Us Minister wa't it oangiet, kin foar ûnderdielen fan de sintrale oerheid wêrfan't it wurkgebiet de provinsje Fryslân of in part dêrfan beslacht, regels stelle oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnling ferkear".

- Kêst 8 (As in skriftlik stik yn de Fryske taal opsteld is, stelt it bestjoersorgaan op fersyk in oersetting dêrfan yn de Nederlânske taal beskikber) sil wol oanlieding jaan om dan de stikken mar net yn it Frysk te meitsjen omdat it ekstra kosten meibringt. Dêrom dit kêst derút of der by sette dat soks kin op kosten fan de freger.

- De Rie foar de Taal is op himsels in nuttich orgaan. Dochts binne wy net gelokkich mei de namme: betizing mei alle oare rieden leit om'e hoeke (Ried fan de Fryske Beweging, Fryske Rie of Beried foar it Frysk ek al is dy lêste der net mear). As it dochs in fuortsetting is fan it Konsultatyf Orgaan lit dy namme dan bestean en as der dochs in nije namme komme moat dan in hiele oaren.

- Fierder fynt de Ried fan de Fryske Beweging dat de leden fan dit orgaan troch de provinsje beneamd wurde moatte en net troch De Haach.

- It is winslik dat der wat mear oer it profyl fan de leden yn de wet opnommen wurdt.

(foars. RfdFB)